

An aerial photograph of a town, likely in the Netherlands, showing a grid-like street pattern, a prominent church with a tall spire, and a winding road. The image is monochromatic, appearing in shades of green and brown.

**ALD NIJS EN NIJ NIJS
FAN EASTEREIN**

Us doarpke Easterein

'n Lyts plakje yn Fryslân, mei greide yn 't rûn,
O, dêr wennet elkien dochs sa graach.
't Is ús doarp Easterein, mei syn sporthal en plein,
en mei minsken út allerlei laach.

Refrein

*Easterein dat lytse plakje,
dêr fynt eltsenien fertier,
mei de gevels sa rjocht,
en de diken sa sljocht.
Ja, dat is dan ús doarp Easterein.*

Simmerdei is 't hjir feest, men is fleurich fan geast
Frjemde minsken mei bussen en sa.
Nei it kafee hjir te gean, en dan oan de tap stean,
ja 't giet der gemoedlik om ta.

Refrein

Hjir is komelkerij, ja men fielt sich hjir frij
Frjemde minsken dy keapje in hûs
Ja, Wâldseiners en sa, sjoch hoe moai wy 't hjir ha,
jo fiele jo hjir hiel gau thús.

Refrein

Tsjerketoer o sa spits, kin men sjen al by Snits
en 't kafee dat bylket sa fier
Alde húskes yn tal, mar de minsken foaral,
meitsje út, ja ús doarp EASTEREIN

Refrein (noch ien as twa kear)

It ûntstean fan Easterein

It doarpsgebiet fan Easterein is it meast Súdwestlikste diel fan in grut gebiet dat eartiids mei hûnderten terpen bedutsen wie.

Dizze terpen binne ûntstien, neidat minsken fan hegere lannen sa as Drinte, nei de droech rekke kweldergebieten ferhuze, mar dêr al gau konfrontearre waarden mei de útwreiding fan de see oer it lân, trochdat de seespegel omheech kaam.

Op dizze terpen hawwe famyljes harren ta wenjen set. En om elkoar te herkennen krigen dizze terpen in namme. Oan it ein fan de namme koe men de ferskillende groepen ûnderskiede, bgl. eindigjend op ns: Itens, Stittens, Littens of um: Spannum, Lollum, Arum of erd: Hartwerd, Burgwerd, Kimsward of aard: Hidaard, Hennaard en wierum: Oosterwierum, Lutke-wierum.

Inkele fan dizze terpsnammen binne troch de tsjerkestifting letter ta strjit-, doarps- of stedsnammen neamd.

De namme Oosterend is lykwols sa net ûntstien. Dit komt omdat de tsjerke hjir net op in terp boud is mar op in opsmitten stik grûn dat men út 'e grêft helle hat dy't om 'e tsjerke leit.

Ut it feit dat we op Texel en Skylge ek de namme Oosterend tsjinkomme, meie we der fanút gean dat der nei it ynpolderjen in eilân ûntstien is en dat de tsjerke wierskynlik boud is op it meast eastlike diel fan dit eilân. Fandêr Easterein.

De middenstân dy't we anno 1511 oantrefte binne in kastlein "tapper" en in kleanmakker. De oare middenstanders wennen yn 'e stêden en ferienigen harren dêr yn de saneamde gilden.

Easterein hat ien fan de grutste doarpstsjerken fan Fryslân. Dit komt omdat Westergoa yn 'e iere Midsieuwen ien fan de tichtstbefolke gebieten west hat fan West-Europa en dêrby de tsjerke in protte grûn taskikt krige.

Neffens ynformaasje út it "Register van den Aanbreng" (1511) stiene der by de tsjerke mar inkele huzen dy't foar it grutste part bewenne waarden troch geastliken en foarname middenstanders.

Yn 'e earste helte fan de 16e ieu kamen hjir ek oare middenstanders te wenjen, dit o sa tsjin 't sin fan de gilden.

De earste dy't we tsjinkomme is in smid. Neffens gegevens út 1749 komt men de folgjende beroppen tsjin:

1 tapper, 2 kûpers, 1 smit, 1 slachter (vleeshouwer), 2 wevers, 2 timmerlju, 1 kleanmakker, 1 bakker, 3 skuonmakkers, 2 skippers, 2 marketensters en 2 kreamkers. Fierders wennen der noch in dûmny, in skoalmaster, in stikmannich arbeiders en earmlêstigen.

Hjirút kinne we opmeitsje dat Easterein in sintrum-funksje krigen hie. Sa'n 200 jier lang (1749-1949) kaam hjir eins gjin feroaring yn. De tsjerke hâldt har tsjerklike en maatskiplike funksje.

It is bekend dat der dêrnei in protte feroare is. Yn 1949 naam de Nederlânske Steat de maatskiplike taak oer fan de tsjerke oant hjoed de dei ta.

Fanút it ferline stappe we oer nei it Easterein fan no.

Der is uterlik in protte feroare. Nei de oarlochsjierrren fan 1940-1945 is der hast in doarp byboud.

Fan 1982 oant 1984 is it doarp yn it ramt fan in jongeren-projekt alhiel renovearre. 17 jonge minsken hawwe 2 jier lang ûnder begelieding hjir wurke. Dit projekt hie tagelyk as doel dat dizze minsken harren "omschole" lieten en dêrby fuort en daliks in moai stikje praktyk op-dwaan koene. Easterein krige doe ek it stimpel fan "beskerme doarpsgesicht", dit hâldt yn dat men binnen dy kearn net samar wat feroarje mei, benammen oan it uterlik fan de wenningen.


Der is yn twa jier hiel wat bard. It doarp krige tagelyk syn djiptierolering. Sadwaande binne alle strjitten derút west en foar it grutste part mei prachtige sierbestrijting wer belein. Fearten binne útbaggere en fan nije wâlbeskoeking foarsjoen.





Tidens dizze wurksumheden waard der op it Skilplein noch in wetterwel fûn. Omt dizze wel noch yn tige goede steat wie waard besluten om lykas eartiids der in pomp op oan te sluten. Dizze originele houten pomp krige it doarp tidens de iepening kado oanbean fan it útfierende bedriuw "De Grontmij".

By de âld smidderij (hoeke Foarbuorren) leit yn 'e dyk fersonken in hoepstien dy't ús tinken docht oan 'e tiid dat hjir noch houten tsjillen hoepe waarden.



Ek krige Easterein syn lykstalt werom (tsjinoer de slachterij).

As der eartiids immen om utens ferstoarn wie waard de lykkiste mei in boat nei it tsjerkhôf fearn. Dit stalt wie der spesjaal foar makke om sa oan wâl te kommen. Neffens foarbylden fan âlde foto's is dit stalt

neimakke. It wurdt no gauris brûkt as fisksteiger.


Oan 'e Skippersbuorren en by de brêge Wynserdyk fynt men 2 oanlissteigers foar kano's. Dizze binne hjir pleatst yn 1982 doe't de Marneroute ta stân kommen is.

De Marneroute is in prachtige kanoroute oer sa'n 20 km. Easterein leit dus ek oan dizze route.

By kafee Bergsma binne kano's te hier en kin men ek in folderke krije oer de te folgjen route.

Graach wolle wy ek noch neame de 10 lantearnen dy't om de Herfoarme tsjerke steane. De peallen fan dizze lampen hawwe foarhinne tsjinst dien as steunen ûnder de veranda fan de âld legere skoalle oan it Skilplein (letter loads fan de firma Vellinga, no steane der 2 nijbou wenten).


Doe't dit gebou ôfbrutsen waard hat doarpsbelang oan 'e gemeente frege om dizze prachtich bewurke peallen te behâlden. It idee waard oppere om der lantearnen fan te meitsjen.




Fiif technyske skoallen binne ynskeakele om de koperen kappen derop te meitsjen. dit om de kosten sa leech mooglik te hâlden.

Neist in protte jeften dy't doarpsbelang krige foar dit projekt tidens de reüny t.g.f. harren 25-jierrich bestean (12 july 1982), ha wy letter noch in "bliksem-aksje" hâlden yn Easterein om de lêste "sinten" byelkoar te krijen. Dit smiet mar leafst f 3.287,75 op, sadat wy doe sels noch in potsje oerhâlden. In diel dêrfan is brûkt foar it meitsjen fan in einelokje wat no te pronk stiet yn 'e Griene Leane.

Op 20 septimber 1984, tidens de offisjele iepening



ning fan it doarp (nei de renovaasje), waard bekend makke troch deputearre D. v.d. Til, dat der 1.2 miljoen beskikber kommen wie foar de restauraasje fan de Herfoarme tsjerke. Dit histoaryske gebou út de 13e ieu is tige ferneamd troch syn prachtich oksaal. Wa't mear fan dit monumintale gebou witte wol ferwize wy nei de tsjerkfâdij.



Easterein is in tige warber doarp. Dit docht benammen bliken út it grutte tal ferienings dat hjir libbet. Oan 'e râne fan it doarp fynt men aller-earst in grutte sporthal mei in gesellige kantine. Hjiryn wurdt winterdeis de meast útienrinnende sporten beoefene sa as: volleybal, fuotbal, keatsen, tennis, badminton, ek is der in keatsploech foar 60-plussers. Achter de sporthal lizze 3 gravel-tennisbanen mei terras en kantine, dit is eigendom fan de tennisklub "Smash". Tsjinoer de sporthal lizze twa sportfjilden dy't sawol foar fuotbaljen as foar keatsen brûkt wurde.



Klaaihokjes, douches en kantine meitsje it gehiel kompleet (Stifting "Skoalleseize).

De fuotbalferiening S.D.S. (Sterk door Samenspel) docht syn namme wol ear oan mei in grut tal leden. Achter de sporthal leit noch in spesjaal oefenfjild foar dizze sporters.

It keatsen wurdt fan jong ta âld hjir simmerdeis beoefene.

Ek de volleybalferiening slacht foar master op. Sawol oan kompetysje- as rekreaasjevolleybal kin men meidwaan. Winterdeis wurdt der fanút de hiele gemeente in grut volleybaltoernooi organisearre.

En dan is der noch de gymnastykferiening O.D.I. (Ontspanning door Inspanning) dy't ek foar alle leeftydsgruppen wol wat te bieden hat.

Foar harren dy't wat kalmer oan dwaan wolle is der noch de damklub D.O.S. en in kaart- en biljartklub.

Op kultureel en maatskiplik mêd binne der fierders noch de folgjende ferienings:

De Feriening fan doarpsbelang "*Hâld Faesje*". Dizze feriening besiket op in sa breed mooglik terrein de belangen fan it doarp te behertigjen.

De Oranjeferiening "*Oranje en Heitelân*" organisearret, neist festiviteiten op Keninginnedei, alle jierren in geweldich doarpsfeest. Twa dagen lang stiet it doarp yn it teken fan "meiinoar feest". Mei in grutte optocht wêr't hast alle buertferienings oan meidogge, wurde dizze dagen iepene. It doarp wurdt prachtich fersierd en is jûns feestlik ferljochte. Fierders binne der folksspultsjes, de Tsienkamp foar de skoalbern, keatsen, volleybal, jûns yn 'e tinte in toanielstik as revue en fansels it matinee net te ferjitten. Ien kear yn 't jier alle remmen los.

De toanieferiening "*Fuort mar los*" jout har jierlikse útfiering en dat is altyd in slagge jûn.

En dan it famkeskoar "*De Greideklanken*". In prachtige sjonggroep wêrfan ek al in pear LP's opnommen binne. Echt de muoite wurdich om te belústerjen.

Op it gebiet fan de muzyk neame we dan noch ús korps "*Wilhelmina*" wêr't it doarp tige grutsk en wiis mei is want wat is in Frysk doarp sûnder fanfare. Ek wiis binne we mei de mooglikheden dy't it jeugdkorps biedt tegearre mei Wommels.

Fierders neame we hjir noch de N.C.V.B., de Grifformearde en Herfoarme frouljusferiening, de jeugdklubs ferdielt yn ferskillende leeftiden en de bejaardesoos. Dizze groep komt 1 kear wyks byinoar yn "Us Gebou" wylst de jeugdklubs gebrûk meitsje fan de "Tsjerne".

Der is yn Easterein in Folkstúntsferiening, in Fûgelwacht, Middenstânsferiening, Begraffenisferiening, Skoalferiening, Sporthalkommisje en in

Jeugdrie. Ek wurde der skriuwjûnen organisearre foar Amnesty International.

Foar it ûnderwiis kinne de alderlytsten terjochte op it peuterskoaltsje "De Poaskepôle" en fierders kinne de bern nei de Kristlike Basisskoalle "De Foareker".

Foar it fuortset ûnderwiis kin men yn Wommels nei de Mavo wêr't ek 2 jier Havo folge wurde kin. Foar de oare rjochtings is men oanwiisd op Snits as Boalsert.

Easterein hat in Herfoarme en Grifformearde tsjerke. Dizze beide tsjerken hawwe yn it ramt fan "Samen op Weg" tegearre harren dûmny's beropen.

Men kin foar de deistige dingen prima terjochte by de pleatslike middenstân. It is foar in lytse mienskip fan grut belang dat dat ek sa bliuwt, dêrom wolle wy graach advysearje: meitsje der gebrûk fan, ommers:

*WAT MEAR AS MEN IT BRUKT
WAT MINDER GAU IT OPDUKT*

Ta beslút

Fansels is dit boekwurkje by lange nei net folslein. Der sille grif mei de tiid ek wer dingen feroarje. Sa hawwe wy mei sin ek gjin nammen fan bestjoeren en sa neamd omt dy alle jierren hast wizigje.

It bestjoer fan doarpsbelang is fansels altyd ree om hjir ynformaasje oer te jaan.

Yn ús doarpskrantsje, dat ien kear yn 'e moanne útkomt, komme jim de nammen fan bestjoersleden fan ferienings wol geregeldwei tsjin.

Wy hoopje dat it jo in bytsje paadwiis meitsje sil yn ús moaie Easterein.

Om ús doarp moai en skjin te hâlden binne de folgjende mooglikheden: glêsbak, miljeu parkjes (foar snoeihout), blikbol yn Wommels, ús jierlikse himmeldei en eltse moanne wurdt it âld papier troch it korps ophelle.



Us Easterein

Oer ús doarp wolle wy sjonge
't Moaiste plakje fan de wrâld
Altyd sille wy hjir bliuwe
Ek al wurde wy sa âld
Mei syn pleatsen, hôf en greide
Skiep en hynders en syn kij
As wy sjogge om ús hinne
Is Easterein altyd wer nij.

Refrein:

*En yn it midden stiet de âlde toer
Dy sjocht sa fier de fjilden oer
Easterein dat is it moaiste plak
Elts is hjir op syn gemak.*

Men kin hjir fan alles keapje
Men hoecht wier net nei de stêd
Wite bôle, in gleske bier
Ijsko en ek wol in bêd
Bakker, slachter, winkelmannen
Sy stean altyd foar ús klear
De betsjinning is yn oarder
Minsken wat wol jim noch mear.

Refrein

't Ferieningslibben is yn oarder
Elts syn hobby, dat is sa
Gymnastyk en volleybalklub
Elk dy giet der mar op ta
Wy ha ek in hiel moai korps
En in drumband foar de jeugd
As sy troch de buorren stappe
Docht dat eltsenien sa'n deugd.

Refrein

Ek ús doarp waard renovearre
Alles kaam hjir op 'e kop
Grutte gatten, hege bulten
Nee it like nearne op
Mar sjoch no ris om jim hinne
Wat in pracht it wurden is
'k Leau as wy net te folle sizze
Dat ús doarp it moaiste is.

Refrein

Meielkoar moat' wy no pasje
Op ús doarpke Easterein
Eltsenien sil dat begripe
Ja it is al faak ris sein
Want ús doarpke dat is seker
't Leit ús tige nei oan 't hert
Bliid dat wy hjir libje meie
Fan de stêd neat gjin ferlet.

Refrein

De Middenstân fan Easterein

Altac, *handelsonderneming*, Wynserdyk 10, tel. 31479
Kafee J. Bergsma, Sibadawei 2, tel. 31290
T. Bergsma, *kantine exploitant*, Tsjerkebuorren 25, tel. 32121
Bergstra's *textiel en woninginrichting*, Tsjerkebuorren 19, tel. 31339
Bos, *landbouwmechanisatie*, Sibadawei 24, tel. 32125
Bouma, *slagerij*, Tsjerkebuorren 33, tel. 31352
Van der Brug, *brood en banket*, Van Eysingaleane 3, tel. 31467
Van der Eems, *drukkerij*, Sibadawei 20, tel. 31306/32300
De Jong, *elekr. techn. install.bedrijf*, Heechhiem 2, tel. 31512
J. de Jong, *Casper-supermarkt*, De Streek 10, tel. 31351
Fa. Joustra Branje, *kolen-, olie- en kachelhandel*, Skoallestrjitte 1a, tel. 31279/31705
't Kniplokaeltsje, T. Jagersma, Skilplein 1, tel. 32320
J.C. Loor, *huisarts*, Van Eysingaleane 11, tel. 31488
D. de Rooter, *accountant*, Skilplein 11, tel. 31884
J.J. Mulder, *kunstschilder*, Griene Leane 7, tel. 32093/05150-19582
R. Nauta, *S.R.V.-zuivelhandel*, Vrijburg 1, tel. 32460
Okkema, *loonbedrijf*, Wynserdyk 24, tel. 31366/32222/32223
Posthuma, *skildersbedriuw*, Wynserdyk 10a, tel. 31313
Posthuma, *De Skuorre – winkel-, luxe- en huish. art.*, Wynserdyk 10a, tel. 31313
Postagentschap, Heechhiem 2, tel. 31512
Rabobank, Van Eysingaleane 10, tel. 31467, dir. Twijnstra, tel. 32770, ass. Brouwer, tel. 32588
Sandstra, *caravanstalling*, Skrok 2a, tel. 32220
Sijszeling, *schoonmaakbedrijf*, Wynserdyk 39, tel. 32279
Sporthal "De Greidhoeke", Stittenserleane 29, tel. 31922, beheerder T. Hoekstra, tel. 31866
H. Stoffelsma, *melkmachinehandel*, Sibadawei 19, tel. 32510
Veenstra's *Bouwbedrijf*, Van Eysingaleane 7, tel. 31215/31998
Gebr. Vellinga, *intern. hdl. en transportbedr.*, Sibadawei 25, tel. 31565
Witteveen & Brouwer, *automobilbedrijf*, Van Eysingaleane 17, tel. 31280

Dit boekje is op 'e nij besjoen en útjûn troch
Doarpsbelang "Hâld Faesje" – maart 1994

Printe by Van der Eems, Easterein